

An impressionistic painting of a flowering tree, likely a cherry blossom tree, with dense clusters of purple and white blossoms. The brushstrokes are visible and textured, with a mix of green foliage and brown branches. The overall style is soft and painterly.

bisten en
blommen

The Gersone

Foarkant

Maitiid

2004 | Akryl op linnen | 80 x 55 sm

Abe Gerlsma (1919–2012) was een Friese graficus en kunstschilder. Naast het schilderen en etsen leverde hij als werktuigbouwkundige een belangrijke bijdrage aan de modernisering van de landbouw. Als kunstenaar was hij autodidact. Geliefde onderwerpen zijn het Friese landschap, het Wad, schepen, bloemen en dieren. Daarbij was hij zijn leven lang geboeid door het tegenlicht.

Abe Gerlsma (1919–2012) was a Frisian graphic artist and painter. Alongside his oeuvre of paintings and etchings he was a mechanical engineer who made important contributions to the modernization of agriculture. Self-taught as an artist, he took as his special subjects the Frisian landscape, the Waddenzee, ships, flowers and animals. All his life he loved painting against the light.

bisten en 
blommen

Abe Gerlsma

Alsjebelieft!

Abe Gerlsma is benammen bekend as Frysk lânskipsskilder en grafikus. Hy wie, sa stiet yn de tekst op Wikipedia, 'syn hiele libben lang yn de besnijning fan it bysûndere fan it fallen fan it ljocht yn it Fryske lânskip. Fryslân yn tsjinljocht, by de kust lâns of op it lân, wie it wichtichste tema fan syn skilderijen en etsen.'

Sels leit er it sa út: *'Ik brûk it tsjinljocht it leafst en ik besykje op it doek "it net tsjin it ljocht ynsjen kinnen" fêst te lizzen. Dat jout dejinge dy't myn wurk sjocht it idee dat de ljochttinten helder binne, mar tagelyk "fielt" it gehiel ek suver wat ûnferwachts en ûnwis oan. Jo soene it ferlykje kinne mei it "fenomeen laitsjen", dat je wol ris hawwe wannear't oan in sin (fan in oar) in ûnferwachte draai jûn wurdt.'* (Abe Gerlsma, 1998; persoanlike meidieling). Abe Gerlsma hat in grut oeuvre fan etsen en skilderijen mei syn favorite ûnderwerpen Frysk lânskip en Fryske wetters neilitten.

Yn de eksposysje *'Bisten en blommen'* (2016) wurdt in seleksje fan minder bekend wurk sjen litten, nammentlik de skilderijen en etsen dy't ynspirearre binne troch de bisten en blommen om Abe hinne. Dit boekje jout in ympresje fan it wurk op dy útstalling.

Wy sjogge bisten yn de natoer, foaral by it wetter, mei bygelyks opfleanende swannen of einen tsjin in reidkraach, en by it Waad, dêr't wy hynders weidzjen sjogge, en de wettertjirken boppe it slyk suver hearre kinne. Like leaf skildere Abe de kij, hynders en skiep by de pleats. Blommen komme we tsjin yn de tún of yn 'e faas, yn etsen en skilderijen mei sinneblommen, klaproazen, magrytsjes, mar ek yn it Fryske lân, mei bloeiend koalsied yn it fjild, piipkrûd by de dyk lâns. Dwers troch alle tema's hinne spilet Abe syn hertstocht foar wat je neame kinne 'beredenearre eksperimintearjen', dat, wat âlder as er waard, him hieltyd frijer utere.

It is bygelyks te sjen yn eksperiminten mei ûnortodokse soarten 'inket', lykas de mika en it parlemoer yn de etsen mei parreblossens, judaspeinje, mar ek yn it útprebearjen fan ferskillende papiersoarten, lykas it tsjokke hânmake papier yn de gouaches *'Skiep op de polderdyk'* en *'Hynders yn tsjinljocht'*. We komme ek oare ûngewoane helpmiddels tsjin, lykas it pikegaas yn de ets *'Merci Chérie'*. Spektakulêr binne de rigen monoprinten; it oanbringen fan de inket op de etsplaten groeit hjir út ta in skilderjen op en mei de etsplaten. Sa wurdt elke print in folslein unyk wurk. In prachtich foarbyld dêrfan is de rige Sinneblommen.

It ferstjerren yn 2009 fan syn leafste, *Ybie*, feroare Abe syn wrâld: it ljocht, it libben, it fjild en it wetter, alles krige in oare kleur. Syn niget oan wat om him hinne groeide en bloeide wie lykwols noch like waarm en yntins. Hy prate noch hieltyd mei syn hintsjes, stie optein op ien foet te dûnsjen as der in (oer)pakesizzer op de stoepe stie, geniete fan tulpen dy't krekt in pear dagen te lang yn de faas kronkelje mochten. Mar syn byldzjende ynspiraasje koe himsels net mear fine yn it hjoed, it ferline of de takomst en socht wifkjend in wei nei de ein.

As fansels kaam yn dy kontekst de fraach nei foaren, hoe't de takomst fan Abe syn artistike neilittenskip derút sjen moast. Op syn fersyk en yn'e mande mei him is op 17 augustus 2010 de *Abe Gerlsma Stifting* oprjochte. De stifting stelt himsels ta doel, yn notaristaal:



- a. it hoedzjen fan de artistike neilittenskip fan de Fryske keunstner Abe Gerlsma;
- b. der noed foar te stean dat de etsplaten fan Abe Gerlsma wol bewarre bliuwe foar it neiteam, mar nea brûkt wurde meie foar werprintsjes;
- c. it dwaan fan alles dat mei it eardernearde yn de wiidste omfieming ferbân hâldt of dat fuortsterkje kin.

Alsjebelieft! soe Abe sels sizze. Yn 'e mande mei him hawwe wy socht nei de bêst mooglike ynfolling fan dizze doelstellingen. Yn oerienstimming dêrmei waard nei syn ferstjerren op 19 maart 2012 de hiele samling etsplaten oerbrocht nei *Tresoar*. De etsprinten hawwe wy ynventarisearre; in oantal dêrfan is beskikber foar ferkeap.



Neist dy ynventarisaasje wolle wy as *Abe Gerlsma Stifting* dwaande wêze mei it bliuwend toanen fan Abe syn wurk, op in webside dêr't noch oan wurke wurdt (www.abegerlsma.com) en troch it dielnimmen oan en organisearjen fan ynsidintele eksposysjes.

It is bysûnder om yn 'e mande mei *Tresoar*, it *Natuurmuseum Fryslân* en *galery De Roos van Tudor*, Abe syn etsen en skilderijen fan bisten en blommen sjen litte te kinnen, yn sawol dizze útjefte as, fan 31 jannewaris oant 29 maaie 2016, op de trije Ljouwerter lokaasjes, dy't sa nau belutsen binne by dit wurk. Miskien noch wol mear as syn bekendere lânskippen en wettergesichten, strielet dit wurk fan in libbensnocht, dy't faaks it bêst symbolisearre wurdt troch de swellen sa't dy yn ien fan syn alderlêste sketsen oan it oangean binne. Wy binne dêrom tige bliid en grutsk, dat wy *professor dr. Theunis Piersma*, dé swellekenner en -leafhawwer fan Fryslân en de rest fan de wrâld, ree fûn hawwe om in 'Foaropwurd' te skriuwen foar dizze útjefte. Lykas hy wist Abe elk jier op 'e kop ôf wannear't de sweltsjes komme soene, mar dan net op grûn fan wittenskiplike modellen, mar troch in telefoantsje fan goekunde út Swolle: *'se binne der hear, hjirre; moarn binne se by dy!'*

Dat de sweltsjes kommen bliuwe meie!

Abe Gerlsma Stifting
Dronryp, jannewaris 2016

Alsjebelieft!

Abe Gerlsma is vooral bekend als Friese landschapsschilder en graficus. Hij was, zo meldt de tekst op Wikipedia, ‘zijn hele leven zeer geboeid door de zo speciale lichtval in het Friese landschap. Friesland in tegenlicht, langs de kust of op het land, was het belangrijkste thema van zijn schilderijen en etsen’.

Zelf legt hij het zo uit: ‘Ik maak het liefst gebruik van tegenlicht en probeer op het doek “het niet tegen het licht in kunnen zien” weer te geven. Dit geeft de beschouwer de indruk dat de lichttinten helder zijn maar geeft het geheel ook een ietwat onverwacht of onzeker “gevoel”. Men kan dit misschien enigszins vergelijken met het “fenomeen lachen”, dat ontstaat bij het horen van een onverwachte zinswending (van een ander)” (Abe Gerlsma, 1998; persoonlijke communicatie). Abe Gerlsma heeft een groot oeuvre van etsen en schilderijen rond de door hem zo geliefde thema’s Fries landschap en Friese wateren nagelaten.

In de expositie ‘Bisten en blommen’ (2016) wordt een selectie van minder bekend werk getoond, namelijk de schilderijen en etsen waarbij Abe zich liet inspireren door de dieren en bloemen om hem heen. Dit boekje geeft een impressie van het op die expositie getoonde werk.

We zien dieren in de natuur, vooral bij het water, met bijvoorbeeld opvliegende zwanen of eenden tegen een rietkraag, en bij het Wad, waar we paarden kunnen zien grazen, en het geluid van de strandlopers boven het slik bijna horen. Even zo graag echter schilderde Abe de koeien, paarden en schapen op de boerderij. Bloemen komen we tegen in de tuin of vaas, in etsen en schilderijen met zonnebloemen, klaprozen, margrietjes, maar ook in de Friese landerijen, met het bloeiende koolzaad in de velden en het fluitekruid langs de weg. Dwars door alle thema’s

heen speelt Abe’s passie voor wat je zou kunnen noemen ‘beredeneerd experimenteren’, dat met het klimmen der jaren steeds vrijer werd. Het is zichtbaar in experimenten met onorthodoxe ‘inkten’, zoals de mica en het parelmoer in de etsen met perenbloesems en judaspenning, maar ook in het uitproberen van verschillende papiersoorten, zoals het dikgeschepte papier in de gouaches ‘Schapen op polderdijk’ en ‘Paarden bij tegenlicht’. Ongebruikelijke hulpmiddelen komen we ook tegen, zoals het kippengaas in de ets ‘Merci Chérie’. Spectaculair zijn de series monodrukken, waarin het ininken van de etsplaten uitgroeit tot een schilderen op en met de platen. Daarmee wordt iedere afdruk een volstrekt uniek werk. Een mooi voorbeeld hiervan is de serie ‘Zonnebloemen’.

Het overlijden in 2009 van zijn geliefde, Ybie, veranderde Abe’s wereld: het licht, het leven, het veld en het water, alles kreeg een andere kleur. Zijn belangstelling voor wat er om hem heen groeide en bloeide was onverminderd warm en intens. Hij praatte nog steeds met de kippetjes, stond verheugd te dansen op één been ter verwelkoming van een (achter)kleinkind op bezoek, genoot van de aanblik van tulpen die net een paar dagen te lang in de vaas mochten kronkelen. Maar zijn beeldende inspiratie kon zich niet meer vinden in heden, verleden of toekomst en zocht aarzelend een weg naar het einde.

Als vanzelf rees in die context de vraag hoe de toekomst van Abe’s artistieke nalatenschap eruit zou moeten zien. Op zijn verzoek en samen met hem werd op 17 augustus 2010 de Abe Gerlsma Stichting opgericht. De stichting stelt zich ten doel, in notariestaal:

- a. het bewaken van de artistieke nalatenschap van de Friese kunstenaar Abe Gerlsma;
- b. zorg te dragen dat de etsplaten van Abe Gerlsma weliswaar worden bewaard voor het nageslacht, doch nimmer mogen worden gebruikt voor herdrukken;

c. het verrichten van alle verdere handelingen, die met het vorenstaande in de ruimste zin verband houden of daartoe bevorderlijk kunnen zijn.

Alsjebelieft! zou Abe zelf zeggen. Samen met hem hebben wij gezocht naar de best mogelijke invulling van deze doelstellingen. In overeenstemming hiermee werd na zijn overlijden op 19 maart 2012 de gehele verzameling etsplaten overgebracht naar Tresoar. De ets-afdrukken hebben we geïnventariseerd; een aantal hiervan is beschikbaar voor verkoop. Daarnaast willen we als Abe Gerlsma Stichting het werk blijven tonen, door de bouw van een website (www.abegerlsma.com) en door het deelnemen aan en organiseren van incidentele exposities.

Het is bijzonder om, samen met Tresoar, het Natuurmuseum Fryslân, en galerie De Roos van Tudor, Abe’s etsen en schilderijen van beesten en bloemen te kunnen tonen, in deze uitgave én van 31 januari tot 29 mei 2016 op de drie Leeuwarder locaties die zo nauw betrokken zijn bij dit werk.

Misschien nog wel meer dan zijn bekendere landschappen en watergezichten, straalt dit werk van een levensvreugde die wellicht het best wordt gesymboliseerd door de dartelende zwaluwen in één van zijn allerlaatste schetsen. We zijn daarom erg blij en trots dat we professor dr. Theunis Piersma, dé zwaluwkenner en -liefhebber van Friesland en de rest van de wereld, bereid hebben gevonden een Voorwoord bij dit boekje te schrijven. Net als hij wist Abe ieder jaar precies wanneer de zwaluwen zouden komen, maar dan niet op grond van wetenschappelijke modellen, maar door een telefoontje van een goede kennis uit Zwolle: ‘Ze zijn er hoor, hier; morgen zijn ze bij jou!’

Dat de zwaluwen mogen blijven komen!

Abe Gerlsma Stichting
Dronryp, januari 2016

How about that!

Abe Gerlsma was a Frisian landscape painter and graphic artist. As his Dutch Wikipedia entry puts it, he was ‘fascinated all his life by the extraordinary light of the Frisian landscape. Friesland in contre jour, whether along the coast or in the country, was the central theme of his paintings and etchings’.

He himself put it this way: ‘What I like most is to paint against the light and try to put on canvas that feeling of “not being able to see into the light”. It gives the viewer the impression of clear light, but it also gives the whole a somewhat unexpected or indefinite “feeling”. It feels a little like the “phenomenon of laughter” that comes from hearing (another person’s) unexpected turn of phrase’ (Abe Gerlsma, 1998; personal communication). Abe Gerlsma created a large oeuvre of etchings and paintings on the themes he loved best, the Frisian landscape and Frisian waters.

The exhibition *Beasts and Blossoms* (2016) shows a selection of the artist’s lesser-known work, specifically the paintings and etchings in which Abe drew inspiration from the animals and flowers that surrounded him. This book gives an impression of the works on show.

We see wild animals, especially near water, swans taking off, ducks highlighted against a bed of reeds, and near the Wad, where horses graze and we can almost hear the sandpipers flying over the mud flats. But Abe also loved to paint cows, horses and sheep in the farmyard. We find flowers in the garden or a vase, in etchings and paintings with sunflowers, poppies, daisies, but we also see the colours of the Frisian countryside: flowering rapeseed in the fields and Queen Anne’s lace at the side of a road. Right through all the themes runs Abe’s passion for what you might call ‘rational experimentation’, which became

freer as he grew older. It can be seen in his experiments with unorthodox ‘inks’, like the mica and mother-of-pearl in the etchings with pear blossoms and honesty, as well as his exploration of various types of paper, such as thick handmade paper for the gouaches ‘Sheep on a Polder Dyke’ and ‘Horses in Contre Jour’. We also see more unusual materials, such as the chicken wire in the etching ‘Merci Chérie’. Especially spectacular are the several series of monoprints in which the inking of the etching plates became an act of painting on and with the plates, so that each print can be considered a unique work. A good example of this technique is his ‘Sunflowers’ series.

The death in 2009 of his beloved Ybie changed Abe’s world. The light, the life, the fields and the water were all coloured by his loss. His interest in all that grew and flourished around him remained warm and intense. He still talked to his chickens, danced with joy on one leg to welcome a visiting grandchild or great-grandchild, loved the twisted forms of tulips that had stood a day or two too long in a vase. But his artistic inspiration was out of sync with the present, the past and the future and tentatively searched its way toward closure.

In this context, the question naturally arose what form Abe’s artistic legacy should take. At his request and in consultation with him, the Abe Gerlsma Foundation was established on 17 August 2010. In official language, the foundation has as its goal:

- a. to manage the estate and maintain the artistic legacy of the Frisian artist Abe Gerlsma;
- b. to ensure that Abe Gerlsma’s etching plates will be preserved for his descendants but will never be used to make new prints;
- c. to execute all other business involved with the previous obligations in the broadest sense or conducive to them.

How about that! Abe himself would have said. Together with him we searched for the best possible realization of these goals, and as a consequence, after his death on 19 March 2012, his entire collection of etching plates was transferred to Tresoar, the Frisian historical archive. The prints themselves were inventoried; some are now available for sale. Furthermore we, the Abe Gerlsma Foundation, will keep the artist’s work in the public eye by maintaining a website (www.abegerlsma.com) and by participating in and organizing occasional exhibitions.

We are very glad to show, in collaboration with Tresoar, the Natuurmuseum Fryslân, and gallery Roos van Tudor, Abe’s etchings and paintings of bisten en blommen (‘beasts and blossoms’), both in this publication and from 31 January to 29 May 2016 at these three sites in Leeuwarden that are so closely identified with this work.

Maybe even more than his better-known landscapes and waterscapes, these works reveal a joy in life that might best be symbolized by the playful, swooping swallows in one of his very last sketches. We are extremely pleased and proud that Professor dr. Theunis Piersma, the biologist and swallow expert, renowned in Friesland and the rest of the world, agreed to write an introductory essay for this book. Like Professor Piersma, Abe knew every year just what day the swallows would come back, drawing not on scientific models but on a phone call from a friend in Zwolle: ‘They’re here now! Tomorrow they’ll be with you.’

May the swallows always return!

Abe Gerlsma Foundation
Dronryp, January 2016

Lân fan langstme



De generaasje fan Abe Gerlsma siet tusken dy fan myn pake en dy fan myn heit yn, en ik haw him net persoanlik kend. Ik groeide op yn in oar part fan Fryslân, kaam út in oar nêst, learde in oar fak en haw oare hobbys. Dochs wie it sykjen nei, en it finen fan, dieldemoasjes – neitiid en op ôfstân – maklik genôch. Troch syn waarmkleurige etsen en skilderijen, en de ferhalen oer him, is Gerlsma ticht by my kommen.

Yn de troch Gerlsma skildere en etste wrâlden fiel ik my oe sa thús. It waad, de marren, it boerelân, de boerebisten en de blommen, ik kin wol sizze dat neat my leaver is. Gerlsma hat sein: “Ik haw besocht myn eigen identiteit wier te meitsjen”. Blêderjend troch syn wurk, fyn ik myn persoanlike boaiems, myn eigen identiteit, werom.

Nea haw ik, lykas myn heit (dy’t it waard) en pake (dy’t gjin kâns krige), feearts wurde wollen. In stúdzjegenoot besocht te buorkjen op in urven pleats by Top en Twel. Hy joech it op doe’t it net slagge de ôftwongen wetterpeilferlegings tsjin te hâlden en hy syn blomkegreide en greidefûgels ferdwinen seach. Mar sels haw ik nea betocht dat buorkjen, lykas myn pakes, ek foar my in kar wêze koe. Ien ding stie fêst: ik woe letter perfoarst mei bisten wurkje! En mocht ik te dom wêze om biolooch en ûndersiker te wurden, dan hie ik genôch handigens yn it mjuksjen fan skieppe- en hynstestallen om kâns te meitsjen op in baantsje yn Artis. It ienige wat echt oars is oan de dong fan oaljefanten is it formaat.

As ik no moarns yn Gaast wekker wurd en ik skuor de gerdinen iepen dan sitte, yn ‘e feiligens fan ‘e hagedoarn, de moskjes te wachtsjen op myn struien fan har fretten. Wylst der eartiids op ‘e boerehiemen, troch it sierike gers en mei it fuorjen fan jouwer oan ‘e hynders, genôch siedden foar de mosken wiene, moatte wy der no as boargers foar soargje dat der yn in doarp noch mosken tsjotterje.

Al binne hja folslein ôfhinklik fan minsken, de mosken fan Abe Gerlsma binne lykwols de ‘wyldeste’ fûgels yn syn wurk. Yn syn greides en op syn waad komme hast gjin fûgels foar (en ek net folle minsken, hjir en dêr in wurkjend liif). Hat it ûntbrekken fan wylde fûgels te krijen mei it detail fan syn wurk? Past der gjin skries yn syn streekjen fan in greidelânskip, gjin heawylp op it waad, of hie hy dêr gjin each foar? Ik tink hast it earste, want guon grutte fûgels ferskine wol (einen, swannen, mokken). Yn myn wurk giet it krekt om it libben fan ‘e lytsere fûgels fan waad en greide, dus ik tink se der wol by.



Koolzaadvelden

1979 | Oaljeferve op linnen | 100 x 90 sm

Gerlsma moat by it meitsjen fan syn wurk ek syn oantinkens en fantasij brûkt hawwe, want tusken 1990 en 1993 wie it fêst net mear mooglik om sa'n prachtige ets fan in komelker nei de wurklikheid fan it doedeiske lân te meitsjen (of hat hy de lêste komelker fûn?). De molke wurdt fan de amer yn 'e tsjems jitten (foar de jongerein: in tsjems wie in amerfoarmige souwe, 'zeef', mei in ferfangber filter om de smoargens út 'e molke te heljen). Soks seach ik as bern, mar al net mear as puber, lit stean as biolooch dy't mei promoasje-ûnder-syk dwaande wie.

Krekt hjir ha wy, yn myn belibbenis, in skaaimerke fan syn wurk te pakken, want wat Gerlsma yn syn lette libben etst en skilderet is foar it grutste part in Fryslân dat dan net mear bestiet. As lânbou-útfûner hie hij mei syn hiele wêzen in bydrage levere oan de meganisearring, suver hast de yndustrialisearring, fan it Fryske boerelân, mar as keunstner hat hy dy ûntjouwing foar it grutste part bûten byld hâlden. Hoe hat er dêr syn identiteit yn fûn?

It is myn identiteit ek net, en soms freegje ik my ôf waans identiteit it dan wol is? Fansels begryp ik de grutskens fan in boer mei in nije stâl, in molkerobot (of twa), foege trekkers mei airco en stereolûd en in brede meanbalke, grutte flakke perselen en djipteûntwettering, mar ik fiel my net mear thús yn harren lân, ús lân. Ik bin bang dat Gerlsma him hjir op it lêst ek net mear thús fiede.

Ek al is it foar my it lân fan langstme, werom gean nei dat moaie lân fan Gerlsma kin net, en hoecht ek net. Mar ik hoopje al dat syn bylden fan de skientme fan bisten, blommen en boerelân in protte minsken like folle ynspiraasje jaan sille as dat se my jouwe. Ynspiraasje om te sykjen nei, en te striden foar, in boerelân dêr't gjin komelkers mear yn 'e jister wrotte, mar der't wol wer romte is foar minsken en mosken. En foar bûterblommen, djerreblommen en pinksterblommen, en koweblommen, hynstebloemen, fôleblommen en barchjebloemen, om't der ienfâldichwei op 'en nij buorke wurdt mei soarch foar grûn en wetter en tsiis.

Theunis Piersma
Gaast, septimber 2015



Heggemussen
2007 | Akryl op linnen | 25 x 35 sm



Súdhoek it Bildt
Makke tusken 1990 en 1993 | Ets | 19,5 x 17 sm



Dronryp
2007 | Mingde techniken | 70 x 70 sm

Land van verlangen

De generatie van Abe Gerlsma zat tussen die van mijn grootvader en die van mijn vader in, en ik heb hem niet persoonlijk gekend. Ik groeide op in een ander deel van Fryslân, kwam uit een ander nest, leerde een ander vak en had andere hobbies. Toch was het zoeken naar, en het vinden van gedeelde emoties – naderhand en op afstand – gemakkelijk genoeg. Door zijn warmkleurige etsen en schilderijen, en de verhalen over hem, is Gerlsma dicht bij me gekomen.

In de door Gerlsma geschilderde en geëtsde werelden voel ik me heel thuis. Het wad, de meren, het boerenland, de boerendieren en de bloemen, ik kan wel zeggen dat niets me liever is. Gerlsma heeft gezegd: 'Ik heb geprobeerd mijn eigen identiteit waar te maken'. Bladerend door zijn werk, vind ik mijn persoonlijke bodems, mijn eigen identiteit, terug.

Nooit heb ik, zoals mijn vader (die het werd) en mijn grootvader (die de kans niet kreeg), veearts willen worden. Een studiegenoot probeerde te boeren op een geërfde boerderij bij Top en Twel (Toppenhuzen en Twellegea). Hij gaf het op toen het niet lukte om de afgedwongen waterpeilverlagingen tegen te houden en hij zijn bloemenweides en weidevogels zag verdwijnen.

Maar zelf heb ik nooit bedacht dat ik, net als mijn grootvaders, er ook voor had kunnen kiezen om boer te worden. Eén ding stond vast: ik wilde later beslist met dieren werken! En mocht ik te dom blijken om bioloog en onderzoeker te worden, dan was ik handig genoeg in het uitmesten van schapen- en paardenstallen, om kans te maken op een baantje in Artis. Het enige dat echt anders is aan de mest van een olifant, is het formaat.

Als ik nu 's morgens wakker word en ik trek de gordijnen open, dan zitten in de geborgenheid van de meidoorn de mussen te wachten tot ik hun voer uitstrooi. Terwijl er destijds op de boerenerven, door het zaadrijke gras en het voeren van haver aan de paarden, genoeg zaden voor de mussen waren, moeten wij er nu als burgers voor zorgen dat er in een dorp nog mussen kwetteren.

Al zijn ze volledig afhankelijk van mensen, de mussen van Abe Gerlsma zijn de 'wildste' vogels in zijn werk. In zijn weides en op zijn wad komen nauwelijks vogels voor (en ook niet veel mensen, hooguit hier en daar een werkend lijf). Heeft het ontbreken van wilde vogels te maken met het detail van zijn werk? Past er geen grutto in het schilderen van een weidelandschap, geen rosse grutto op het wad, of had hij er geen oog voor? Ik denk eigenlijk het eerste, want sommige grote vogels verschijnen wél (eenden, zwanen, meeuwen). In mijn werk gaat het juist om het leven van de kleinere vogels van wad en weide, dus ik denk ze er wel bij.

Gerlsma moet bij het maken van zijn werk ook zijn herinnering en fantasie hebben gebruikt, want tussen 1990 en 1993 was het vast niet meer mogelijk om zo'n prachtig etsje van een 'komelker' (koemelker) naar de werkelijkheid van vroeger te maken (of heeft hij de laatste 'komelker' gevonden?). De melk wordt van de emmer in de 'tsjems' gegoten (een 'tsjems' is een emmervormige zeef, met een vervangbaar filter om het vuil uit de melk te krijgen). Dat zag ik als kind, maar als puber al niet meer, laat staan als bioloog die zich met promotieonderzoek bezighoudt.

Juist hier hebben we in mijn beleving een kenmerk van zijn werk te pakken, want wat Gerlsma in zijn late leven etst en schildert, is voor het grootste deel

een Fryslân dat niet meer bestaat. Als landbouwuitvinder heeft hij met zijn hele wezen een bijdrage geleverd aan de mechanisering, of misschien zelfs de industrialisering, van het Friese boerenland, maar als kunstenaar heeft hij die ontwikkeling voor het grootste deel buiten beeld gehouden. Hoe heeft hij daar zijn identiteit in gevonden?

Het is mijn identiteit ook niet, en soms vraag ik mij af wiens identiteit het dan wel is? Natuurlijk begrijp ik de trots van een boer met een nieuwe stal, een melkrobot (of twee), enorme trekkers met airco en stereogeluid en een brede maaibalk, grote vlakke percelen en diepteontwatering, maar ik voel mij niet meer thuis in hun land, ons land. Ik ben bang dat Gerlsma zich hier op het laatst ook niet meer thuis voelde.

Ook al is het voor mij het land van verlangen, terug gaan naar dat mooie land van Gerlsma is niet mogelijk, en dat hoeft ook niet. Maar ik hoop wel dat zijn beelden van de schoonheid van dieren, bloemen en boerenland veel mensen even veel inspiratie zullen geven als mij. Inspiratie om te zoeken naar, en te strijden voor een boerenland, waar geen 'komelkers' meer in de 'jister' (de melkbocht), ploeteren, maar waar wel ruimte is voor mensen en mussen. En voor boterbloemen, dotterbloemen en pinksterbloemen, en margrietjes, paardenbloemen, biggkruid, rode en witte klaver, omdat er simpelweg opnieuw geboerd wordt met zorg voor grond en water en kaas.

Theunis Piersma
Gaast, september 2015



Dronryp
2006 | Oaljeferve op linnen | 90 x 60 sm

Land of longing

Abe Gerlsma comes from a generation in between my grandfather's and my father's, and I never met him. I grew up in another part of Friesland, in a family with other traditions, went into a different profession and have different hobbies. Yet in retrospect and at a distance, it was easy enough to look for, and find, the emotions he and I shared. Through his warmly coloured etchings and paintings, and the stories I've heard about him, I've come to feel close to Gerlsma.

In the worlds that Gerlsma painted and etched, I feel entirely at home. The Waddenzee, the Frisian lakes, the fields, the farm animals and the wildflowers – all I can say is there's nothing I love more. Gerlsma once said: *"I have tried to be true to my identity."* Paging through his work, I discover in it my own identity, the very basis of who I am.

Unlike my father (who became one) and my grandfather (who never had the chance), I never wanted to be a farm veterinarian. One of my university classmates tried his hand at farming, on land he'd inherited near "Top en Twel" (Oppenhuizen and Uitwellingerga). He gave it up when he could no longer hold out against the requirements for lowering the water levels, and saw the wildflowers and meadow birds vanish from his land.

But it never occurred to me that I could choose, like my grandfather, to be a farmer. I was sure of one thing only: I wanted to work with animals. If I proved too dim to be a biologist or researcher, I figured at least I could muck out stables and sheep pens handily enough to apply for a job at Artis zoo. The only thing that's different about elephant dung is the size.

Now, when I wake up in the morning and open the curtains, I see the sparrows sitting in the safe haven of the hawthorn, waiting for me to scatter their food. In the old days, when grass was still full of seeds and horses had their oats, the farmyards offered plenty of grain for the sparrows. Now we humans have to put out food to keep our village filled with the sound of twittering birds.

Though Abe Gerlsma's sparrows are entirely dependent on people, at the same time they're the 'wildest' birds in his work. On his meadows and mud flats there are hardly any birds to be seen (and not many people, either; only here and there do we spot a body at work). Does the lack of wild birds have to do with the detail in his work? Does a black-tailed godwit not fit into his paintings of pastures, or a bar-tailed godwit on his wadden, or did he just not have an eye for them? I think the former rather than the latter, because ordinary large birds (ducks, swans, gulls) do appear. Because my work is to study the lives of the smaller birds of the tide flats and the meadows, in my thoughts I add them to the painting.

Gerlsma must have worked partly from memory and imagination, because in the years 1990–93 it can't still have been possible to draw from life such a beautiful etching of a cow milker – or did he find the last person who still milked cows by hand? The milk is being poured from a pail into a 'tsjems', a bucketshaped sieve with a replaceable filter to strain out the dirt. I saw those sieves in use as a child, but they were gone by my teenage years, let alone by the time I was a biologist doing graduate research.

It seems to me that here we have an important feature of his work: what Gerlsma painted and etched in the last years of his life was, for the most part, a Friesland that no longer existed. As an agricultural inventor he contributed whole-heartedly to the mechanization, and often industrialization, of the Frisian agricultural landscape, but as an artist he kept that development out of his pictures. How could he find his identity in it?

It's not my identity either; I sometimes wonder if it's anyone's. Of course I understand the pride of a farmer with a new stall, a milking robot (or two), enormous tractors with air conditioning, stereo speakers and a wide mowing attachment, broad flat fields and deep drainage, but I no longer feel at home on that land, our land. I have a sense that towards the end Gerlsma didn't feel at home here either.

Although for me it is a land of longing, we can't return to Gerlsma's beautiful landscape, nor do we have to. What I do hope is that his images of the beauty of beasts, flowers and farmland can give others just as much inspiration as they give me. I hope they inspire many people to look for, and strive for, agricultural landscapes where farmhands no longer work hard in the milking pen, but there is still a place for humans and sparrows. Where buttercups, kingcups and lady's smock grow, daisies, dandelions, cat's ear, and white and red clover, because farmers are once more working with respect for soil, water and cheese.

Theunis Piersma
Gaast, September 2015



Hjerst bij Dokkum

Makke tusken 1959 en 1962 | Kleure-ets | 30 x 50 sm



Melkerstiid

1983 | Ets, 2 platedruk | 50 x 40 sm



Yn 'e finne

Makke tusken 1984 en 1988 | Ets, 2 platedruk
50 x 40 sm